

←ryske **K**rite

”Troch de Tael Forboun”



Hoarn

Oprjuchte novimber 1911

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

1911

*100*

*Jier*

2011

**Programma**

**Novimber 2011**

**Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”**  
**kvk. nummer 5324 1274**  
**Rabobankrekken: 16 22 70 577<sup>1</sup>**  
**Lid fan It Frysk Boun om Utens**  
**[www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)**

## Y N H A L D

Foarwurd foarsitter de hear Kloezen .....	4
Ledeberjochten .....	7
Ferlotting en tagongsprizen.....	8
Yn petear mei earelid Slange en syn frou .....	9
Earelid frou Bloem-Wouda oan it wurd .....	12
Hoe wurd men lid fan in Krite?.....	14
Kabaret Rients Gratama.....	16
Útnoeging.....	17
De wurklist winterskoft 2011-2012.....	18
Stipers fan it jubileum.....	19
De sponsers fan de jubileum ferlotting .....	21
Jierferslach 2010-2011 .....	22
Boek ‘Friezen yn ‘e Frjemdte’ .....	27
Wurklist fan suster kriter.....	28
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”) .....	29
Bestjoer fan de Fryske Krite Hoarn.....	30

---

<sup>1</sup> Fryske Krite Hoarn hat in nije bankrekken iepene by de Rabobank

## Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

1911 *100* 2011  
*Jier*

---

### ***Foarwurd foarsitter de hear Kloezen***

Bêste Kriteleden,

**W**y steane oan de foarjûn fan it betinken fan it 100 jierich bestean fan ús Krite ‘Troch de Tael Forboun’. As ik dit foarwurd skriuw dan gean jo neitinken wat hat dizze Krite in rike histoarje. Yn it nij útjoene boek “Friezen yn ‘e Frjemdte” kinne jo ek in stikje fine oer hoe it tagong hjir by ús Krite. Der is in soad feroare yn it maatskiplik libben. De foarútgong fan de medyske wittenskip, de kommunikaasje mooglikheden, it transport en sa kinne jo noch wol fjirder gean. Wat dan tige wichtich is foar in Krite is dat de taal bliuwt sawol sprutsen as op skrift. Mar der sjogge jo ek de nije ynfloeden fan allegearre bûtenlânske útfinings. It hat foardielen want jo kinne mei ynternet en it e-mail ferkear in protte minsken berikke. De post hat dan miskien foar in part ôfdien, mar in moaie brief is altyd noch de muoite wurdich. Op de jubileumdei lizze der ek in oantal oantekens fan de jierren tritich

en letter. Dan hawwe wy ek nochris in oantal krisissen hawn en hjoed de dei kin men de krante der net op nei slaan en it giet wol oer it finansjeel systeem fan Europa. It is moai dat de ponghâlder Slange jierren op de sinten fan de krite past hat, sadat wy in jubileum betinke kinne.

## In krite is der fan de leden en foar de leden

---

Op 4 septimber hat de Krite mei in diske stien op de Kunst en Cultuurmarkt yn it sintrum fan Hoarn. Besikers hawwe ynformaasje krije kinnen wat ús krite sa al docht en wat wy fan doel binne op 12 novimber. In protte minsken hawwe ús diske besocht.

Fierderop yn it programmaboekje komme jo in ferslach tsjin fan ús skriuwer Vogel oer de jiergearkomste.

Mar ek it bestjoer is alwer drok dwaande om in moai toanielstik te krijen foar jannewaris 2012. Dat sil wis en wrachtich wol slagje.

Dan woe ik noch wat sizze oer de jubileumdei. Wy hoopje dat der in protte minsken oanwêzich binne op de iepen resepsje. De minsken fan de Huesmolen fersoargje in moai Frysk breamiel werfoar jo je opjaan moatte foar 5 novimber. De jûns hoecht einlings gjin kommentaar mei sa'n top kabaret spiler as Rients Gratama is. De jubileum kommisje is drok west mei de organisaasje fan it

feestlike barren. Derfoar ek tige tank. Om it finansjeel rûn te krijen hawwe se stipers en sponsers ree fûn om dit mooglik te meitsjen. Fierderop yn it boekje fine jo de nammen fan dizze bedriuwen en organisaasjes. It wurd in ferlotting mei sa'n 40 prizen: gratis oernachting foar 2 persoanen yn Herberg Joure, frijkaartsjes foar museums, Tichelaar aardewerk, bearenburch, 3 moanne gratis abonnemint op Friesch Dagblad en Leeuwarder Courant, blomstikken, koer mei Fryske produkten, etc.. De haadpriis is in ballonflecht foar 2 persoanen oer ús heitelân. Dat wolle jo tôchris meimeitsje?

It bestjoer hopet derop dat 12 novimber 2011 in ûnferjitlike dei wurd en wy sjogge út nei jo oanwêzigens.

Groetnis fan de foarsitter,

Eppie Kloezen

NB: Sneon is it drok oan de foarside fan de Huesmolen en derom kinne jo de auto better parkeare efter by it winkelsintrum fan de Huesmolen.



---

## *Ledeberjochten*

---

It bestjoer is bliid mei fiif nije leden en hopet dat jimme ús Krite noch mear draachflak jouwe en dat jimme genietsje meie fan ús kritejûnen.

Frou E. Reitsma-de Vries,  
Tortelduif 8,  
1695 AZ Blokker

Frou E. Jongsma  
Noorderkerksteeg 1,  
1621 JG Hoorn

Frou A. Haisma-Bosgraaf,  
Oosterplantsoen 26  
1621 GT Hoorn

De hear L. Bult,  
Metselaarsstraat 11,  
1624 VA Hoorn

Frou A. Kort,  
Hoogewoud 16,  
1689 BE Zwaag

<p>Nije leden binne fan herte wolkom en kinne it 100 jierrich jubileum meimeitsje. Wa bringt in nij lid oan? Miskien krije jo dan wol in aardichheidsje.</p>
--

---

## *Ferlotting en tagongsprizen*

---

### **De ferlotting op 12 novimber 2011**

Foar dizze feestdei hawwe wy in protte sponsers ree fûn om prizen ter beskikking te stellen foar de ferlotting. It binne tige moaie prizen fan bedriuwen en organisaasjes út Hoarn en út Fryslân.

### **Ús sponser hawwe mear dan 1.500 euro oan prizen beskikber stelt!!**

Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar fiif euro en dan krije jo in setsje fan 6 lotsjes mei nûmers, dan hawwe jo in kâns op ien fan de 40 prizen en op de haadpriis.

### **De haadpriis- 2 tickets foar in ballonflecht**

Njonken de moaie prizen is der ek in haadpriis. It Ballonvaart Centrum<sup>2</sup> fan De Jouwer hat ús stipe en de haadpriis is 2 tickets foar in ballonflecht oer in part fan Fryslân.

### **Tagongsprizen**

De kosten foar it breamiel<sup>3</sup> en de jûn binne 15 euro per lid en foar in net lid 22,50 euro. Foar allinnich it jûnsprogramma binne de kosten per lid 5 euro en foar in net lid 10 euro.

---

<sup>2</sup> Sjoch: [www.ballonvaartcentrum.nl](http://www.ballonvaartcentrum.nl)

<sup>3</sup> Opjefte foar it breamiel foar 5 novimber

---

## *Yn petear mei earelid Slange en syn frou*

---

**M**ei it jubileum feest foar de doar hawwe wy In ynterview mei ús earelid Popke Slange en syn frou Sjoerdsje Slange-Postma.

Leaver komme se miskien net yn it programmaboekje, mar dit kin net oars om 't dizze minsken sa'n wichtige rol spiele hawwe yn it yn stân hâlden fan de Krite Hoarn yn al syn hoedanichheden en 47 jier lang!

Popke en Sjoerdsje binne beide berne yn Fryslân en der ek opgroeit. Sjoerdsje is berne yn Oerterp en wenne letter yn Boarn-Burgum. Popke waard berne yn (Nij) Beets en wie in soan fan de slachter. Oant syn 26ste jier hat by syn heit yn 'e slachterij wurke. De slachterij is fan 'e han dien en Popke woe graach 'Keurmeester' wurde. De oplieding wie yn Haarlim en hy wenne tydlik yn in simmerwente yn Zandvoort en hie ek noch in skoftke in kosthûs yn Haarlim.

Yn 'e rin fan de oplieding skriuw hy al sollisitaasje brieven nei Hoarn en Olst-Wije. Hy skille mei de direkteur fan it Slachthûs yn Hoarn en krige fuortendaliks in oanstelling. Dat wie in moaie opstekker want hja krigen gelyks in wente ter beskikking fan de Gemeente Hoorn. Dochter Femmie wie al berne yn Drachten en sa gongen trije persoanen wenjen oan de Westfriese Hof. Yn Hoarn waard dochter Ria berne.

Mar dan is der in kollega op it slachthûs dy't ek in Fries is, Tinco Nijdam. Fan 't ien komt it oare en beide waarden lid fan de Krite. Dat wie yn '64.

Wilens yn dy tiid waard Sjoerdsje frege foar it toaniel. Dan fertelt Sjoerdsje dat it aller earste stik wat sy spile hat wie yn it toanielstik 'De Heidepyk' fan Barend en Matsje van der Veen. Sy fertelt dit mei 'fleur' fanwege dat dit har aldermoaiste rol west hat yn 40 jier toanielspyljen. It hier moast lang fanwege dat hja lykje moast as in 'Heidepyk'. Ek de klean waarden der by oanpast: 'Russyske nylons'.

Dan komt noch oan de oarder wat foar rollen hja spiele hat yn toanielstikken en wer men al net hinne west hat, fan Drachten oant Limburg ta. Hichtepunt wie dan ek dat de toanielploech nei Kanada gie, mei it toanielstik 'Ferhuzing en oare ûngemakken'. Dit stik is der fiif kear op de planken brocht. Mar ek net te ferjitten it stik 'Serenade fan Beits'. Dit stik is mar leafst 13 kear útspile. Popke gong altyd mei en fersoarge de sinteraasjes.

Dan Popke oant it wurd. Popke is 44 jier ponghâlder fan de Krite Hoarn. Yn it winterskoft 66/67 is der beneamt en sûnder ûnderbrekkings oant no ta. Hy fertelt fan de begjinjierren, dan nam hy in dei frij foar it opheljen fan de kontribúsje. Sjoerdsje folt dan oan dat hy der troch in soart foar de minsken besjutte hat.

Mar it is net allinnich sinteraasjes en toaniel. Men giet mei in groepke leden op dûnsles by Verbiest. In moaie tiid.

Wat docht men noch mear yn syn frije tiid. Popke is nei syn pensjoen ien dei yn de wike op de Stoomtram Hoorn-Medemblik, de kondukteur. Hy fertelt dat dit in moaie ynfolling is: it is altyd minsken moetsje die gesellichheid sykje en je kinne ek noch ris in praatsje meitsje. Beide hawwe sy in protte nocht oan tûnkjen. Popke hat in folkstún en der komt in protte griente wei mei nei hús. Dan freegje ik wat is jimme lekkerste iten: Sjoerdsje fuortendaliks Boerekoal mei woarst, mar Popke hâld him op de flakte en seit miskien taktysk: wy kinne ek net trije kear yn de wike beantsjes ite. Sjoerdsje mei graach kaarten meitsje en hâld fan fytsen – sy seit gjin elektrysk, der binne wy noch net oan ta –.

Eartiids yn Beets hie Popke noch in brommer en de lange learen jas hat hy altyd bewarre. Je witte nea as it nochris fan pas komt. En jawol, de skoansoan Ron brûkt him no op syn motor mar hat him mar wat koarter makke. In 2e libben foar in learen jas.

Frieske boeken wurde ek troch beide lêzen. Frysk lêze fynt Sjoerdsje it moaist en hat fan Riek Landman alle boeken yn hús.

Wy kinne noch wol oeren prate en wy tankje Sjoerdsje en Popke foar harren ferhaal.

---

## *Earelid frou Bloem-Wouda oan it wurd*

---

**Y**n 1965 kamen wy hjir te wenjen, alles om ús hinne wie frjemd. Mar .... d'r wie in Fryske Krite en in Herfoarme Tsjerke wer wy wat mei hienen. Dertroch joech it wat eigens.

Al ridlik gau waarden wy kritelid en wy krigen kunde. Sels spiele ik mei yn 't toaniel en wat letter myn man (†1975) ek.

Wy repetearren by de spilers thús en as wy oan bar wienen gongen de bern stikem op 'e oerloop sitten om wat op te pikken as heit fan út de koken wei op komme moast.

It wie och sa'n moaie tiid – Sybren en Gâtske de Vries wienen doe de âldste spilers. Gâtske hat ek noch wat jierren toaniellieder west. Sikke Hiemstra wie foarsitter en in betûft toanielspiler. Yn die tiid moasten wy rekken hâlde mei de TV 'Mies Bouman één van acht'. Want de televyzje wie in konkurrint, op sa'n jûn kamen der minder minsken nei de Skouburg – de âlde Park Schouwburg.

De toanielploech hearde by de Krite. Wy gongen nei susterkrite te spyljen en it jild wat der fertsjinne waard kaam yn de Krite kas. It bestjoer betelle de ûnkosten en de omballingen. Wy slúten ús as Krite Hoarn oan by de Frysk Boun om Utens en dienen mei oan de toanielkriich.

Mannich spiler fan ús Krite fûl yn 'e prizen wer wy och sa grutsk op wienen en noch binne.

Doe't Lammert Dijkstra (†) bestjoerslid waard,  
mocht de toanielploech yn 'e skoalle yn Wognum  
repetearje. Lammert wie der haad fan de skoalle.  
Ek joech Lammert Frieske les en begûn mei in  
keppeltsje kriteleden in lêzersrûnte. Dit kaam ús  
Frieske taal och sa fan pas. Ek songen we graach  
lieten mei elkoar.

Harmen Zondervan (†) naam yn die tiid de regy oer.  
Harmen hie by de Haagse Komodie toaniel spile en  
operettes regisseurre. Troch syn kennis, brocht hy  
de spilers op in heger plan. In gouden tiid.  
It is spitich dat der no mar fjouwer krite oer binne  
yn Diel 1 en gjin toanielploech mear is.

## Hûndert jier Fryske Krite 'bjusterbaarlik'

---

Wy fiere mei nocht en wille ús hûndert jierriich  
bestean. Sels ha ik it foarrjocht hawn dat ik omtrint  
tweintich jier foarsitter west ha fan ús Krite.

Ik winskje ús bestjoer en leden noch in soart jierren  
ta 'Troch de Tael Forboun'.

Mei groetnis,  
Janny Bloem-Wouda

---

## *Hoe wurd men lid fan in Krite?*

---

**O**an it wurd binne Eppie en Minke Kloezen, ús foarsitter en syn frou.

Yn it jier 1986 kamen Minke en ik nei Hoarn te wenjen, fanwege dat wy yn Amsterdam net mear sa nei't sin wennen. Troch omstannichheden hienen wy der mar in 2 keamer wente en dat wie wat oan de lytse kant.

Fansels wienen wy lid fan in Fryske Krite. Sûnt de jierren sechtich fan 'Friso Noard', mar in pear jier letter fan de krite Haarlim. Mar doe't wy ús yn Hoarn te plak setten hienen, waard Haarlim ús einlings te fier. Mar hawar dat wie net oars.

Mar as jo ferhúzje moat der ek wolris wat nijs komme. Sa wie der yn de gong noch in plakje wer wat hingje moast. Ik hie altyd al sin hawn oan in waarglê, mar it wie der nea fan kommen.

## Troch de tael ûntstiet in ban tusken minsken.

---

Doe't wy yn de stêd rounen seagen wy yn in etalaazje waarglêzen hingjen. Ik sei tsjin Minke 'no of nea'. Dat wy gongen de winkel yn. Wy wurden fuortendaliks holpen en de frou frege ús 'kan ik u helpen mevrouw en meneer'. Ik antwurde en sei: ik denk het wel, wij zijn op zoek naar een barometer

(miskien ha ik wol sein 'een weerglas'). Wy hawwe foarljochting krigen fan de frou en it gyng oan. Wielst de frou it waarglê's ynpakte stienen wy noch efkes tegearre te praten, mar wol yn it Frysk. Seit de frou tsjin ús: komt u uit Friesland? Ik koe har net tsjin sprekke . De frou seit: dan kinne wy ek wol Frysk prate. En dat hawwe wy ek mar dien. Dizze frou hat ús gelyk mar lid makke fan de Krite Hoarn. En dat binne wy nei 25 jier noch altiten en mei in protte wille.

Sa sjogge jo dat in lid faaks in fertsjintwurdiger fan de Krite is.

Op nei it feest fan 12 novimber 2011,

Groetnis,  
Minke en Eppie

De winkel wie eartiids Hemke Optiek oan it Breed en de frou is Tine Hemke-Cuperus jierren lang in betûfte toanielspylster fan de toanielploech fan Krite Hoarn.

---

***Goedfrysk.nl***

De Ried fan de Fryske Beweging hat in nij projekt mei de namme [www.goedfrysk.nl](http://www.goedfrysk.nl) . In protte Friezen prate altyd Frysk en tinke yn it Frysk.

Op de feestjûn fan de Fryske Krite Hoarn sil Rients Gratama ûnder begelieding fan syn pianiste Clara Rullmann in kabaret programma op de planken bringe.

It sil foar eltsenien in ferrassing wêze, wat foar koartswilich kabaret Rients Gratama foar ús bringe sil.

---

## ***Kabaret Rients Gratama***


**Pianiste Clara Rullmann  
Technikus Thijs van der Wal**

---

Gratama is eltsenien bekend, mar noch efkes wat eftergrûn ynformaasje kin gjin kwea.

Gratama is berne in 1932 en spiele fan 1957 oant 1962 yn it Frysktalige revu en Kabaret selskip 'Selskip Tetman de Vries'. Skriuwer wie hy ek fan de musical Mata Hari sa wol yn it Frysk as yn it Hollânsk. Hy wie ek nochris san 20 jier ferbûn oan de Kleinkunstacademie fan Amsterdam. Tefolle om hjir alles op te neamen. Yn it teater seizoen 2010-2011 skriuw en spiele hy it toanielstik 'DE GOUDFISK'.

Sjoch ek de website: [www.rientsgratama.nl](http://www.rientsgratama.nl)



---

***Muzyk Bauke Willem Kooiker***

---

---

## Útnoeging

---

It bestjoer fan de Fryske Krite Hoarn 'Troch de Tael Forboun` noeget jo út foar de resepsje, in breamiel en de feestlike kritejûn, dy't hâlden wurd op **12 novimber 2011** yn it Kultureel Sintrum De Huesmolen om te betinken dat 100 jier lyn de Krite Hoarn oprjochte waard.

De resepsje sil hâlden wurde middeis fan 15.00 – 17.30 oere. Nei de resepsje is der in breamiel foar alle minsken dy't harren der foar oanmelden hawwe<sup>4</sup>.

De feestlike kritejûn begjint om 20.00 oere mei in kabaret programma fan Rients Gratama mei de pianiste Clara Rullmann.

It bestjoer sil it tige wurdearje jo dizze jubileum dei te moetsjen, om mei-inoar it 100 jierich bestean fan de Fryske Krite Hoarn te betinken.

It bestjoer

---

<sup>4</sup> Opjefte foar it breamiel foar 5 novimber 2011

---

## ***De wurklist winterskoft 2011-2012***

---

12 novimber 2011: Feestdei 100 jier Krite Hoarn:  
Resepsje, breamiel, kabaret  
mei Rients Gratama

21 jannewaris 2012: 2e grutte jûn (toanielstik)

17 febrewaris 2012: lytse jûn

31 maart 2012: 3e grutte jûn

**Autoferfier:** Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (till. 234012)<sup>5</sup>.

### **Lief en Leed**

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:  
Jannie Nooitgedagt-Dijkstra  
De Trekvaart 16  
1689 LP Zwaag  
Till.nr. 0229 277074

**Website:** [www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)

---

<sup>5</sup> Op de feestdei moat men sels foar ferfier soargje

---

## *Stipers fan it jubileum*

---

**D**e jubileum kommisje is tige grutsk op de stipers foar it 100 jierich jubileum. Al yn 2010 binne der gesprekken fiert en oanfragen de doar útgjend nei mooglike stipers. Eltsenien wit ûnderwilens dat der troch it Regear minder subsidydije of hielendal net mear tasein wurd. Mar wy binne ek noch rekke troch de BTW ferheging fan 6% nei 19% per 1 july 2011, dat hat de kosten foar it jubileum net goed dyn.

Mar wy binne der yn slagge om stipers te finen: de **Gemeente Hoorn** hat ús betocht mei in bedrach fan 1.000 euro!

Dan binne wy ek noch tige ynnomd mei in tasizzing fan maksimaal 1.000 euro fan it **Prins Bernhard Cultuurfonds Noordholland!**



De **Rabobank Hoorn** hat ek nochris 250 euro tasein.

De ponghâlder hat al in gift fan 50 euro krigen fan ien fan ús leden. Ek in oantal prizen binne beskikber stelt troch leden. Tige tank!

**Moeskops Hoorn** hat koarting joen op de hier fan de piano en **Intertoys Joure** hat de feestlike oanklaaiing fan de seal ter beskikking stelt.

**S**ûnder sponsers en stipers soe it jubileumfeest net slagje. Derom binne wy tige bliid mei de sponsers foar de ferlotting. In moaie list sjogge jo op de oare pagina. Mar hjir noch efkes de logo's fan in pear sponsers.

**Noordelijk • Ballonvaartcentrum**



Postbus 200  
8500 AE Joure  
T (0513) 41 75 03  
F (0513) 41 75 36  
M (06) 53 40 98 42  
E [info@balloncentrum.nl](mailto:info@balloncentrum.nl)  
[www.balloncentrum.nl](http://www.balloncentrum.nl)

# FrieschDagblad

[www.frieschdagblad.nl](http://www.frieschdagblad.nl)



[www.herbergjoure.nl](http://www.herbergjoure.nl)

---

## *De sponsers fan de jubileum ferlotting*

---

- Afuk Leeuwarden
- ANWB Joure
- Bakkerij Otten Hoorn
- Ballonvaart Centrum Joure
- Boekhandel Stumpel Hoorn
- Breider Tuinmachines Hoorn
- Bruggeman Herenmode Hoorn
- Dokkummer Vlaggen Centrale
- Foto Osinga Hoorn
- Fries Scheepvaart Museum Sneek
- Friesch Dagblad Leeuwarden
- Friese Producten.nl Leeuwarden
- Gall & Gall Hoorn
- Hema Hoorn
- Hotel 'Herberg Joure'
- Intratruin Hoorn (Blokker)
- Jopie Huisman Museum Workum
- Karsten Travelstore Zwaag
- Keurslager Bram Band Hoorn
- Leeuwarder Courant
- Makelaardij Bouwhuis Vegelingsoord
- Molen de Krijgsman Blokker
- Museum 20ste eeuw
- Nestlé Amsterdam
- Party Palace Hoorn
- Sonnema Bolsward
- Stoomtram Hoorn-Medemblik
- Tichelaar aardewerk Makkum
- Van der Meulen Hallum
- Weduwe S. Joustra Sneek
- Westfries Museum Hoorn
- Wiebe van der Zee Atelier Sneek

Beste minsken: tinke jo ek oan ús sponsers?

---

## *Jierferslach 2010-2011*

---

### **Ferslach fan de jiergearkomste fan 23 septimber 2011**

**D**e foarsitter iepent de gearkomste en hjit de oanwêzigen wolkom. Neist 5 minsken fan it bestjoer binne der 24 minsken nei “De Huesmolen” kaam. Inkelde leden (û.o. Jetske en Marinus Leenstra) hawwe sein dat hja net kamen om’t hja mei fakânsje binne.

De foarsitter wiist de oanwêzigen op it feestlike jier dat we yn ’e mjitte gean. Aanst yn novimber bestiet de krite 100 jier.

It ferslach fan de jiergearkomste fan 17 septimber 2010 wurd foarlêzen troch de skriuwer. Nei oanlieding fan it stik binne der in stikmannich fragen en opmerkings.

Der is in nije rekken iepene by de Rabobank.

Popke hie in goed gefoel bij de Rabo. Dizze bank is wat persoanliker en gong ek yn op it fersiik om mooglik in pear sinten stipersjild te jaan foar de feestlikheden rûnom it 100-jierich bestean fan ’e krite. De oare bankrekkens binne opsein.

We binne ynskreaun by de Kamer van Koophandel. De Gemeente Hoorn hat €1000 tasein as subsydzje foar 100- jier krite. No de feestjûn dôchs oan bar is giet de foarsitter noch efkes troch. Yn it koart nimt er de middei en jûn troch. Middeis in resepsje, dan in breamiel en jûns komt Rients Gratema.

Diny Boonstra hat ek sit nommen yn 'e feestkommisje. De foarsitter neamt ek noch de grutte fertsjinsten fan Marinus. Hy wit faak yngongen te finen wer in oar net opkomt. Boppedat wit Marinus ek hoe as je in brief skriuwe moatte. Oegema wol it noch efkes oer de ledelist hawwe. Nei wat hinne en wer praten hawwe 6 minsken belangstelling foar de list. De oantekens wurde goedkard.

Meidielings en ynkommen stikken.

In pear wike lyn hat de krite mei dien oan 'e "Cultuurmarkt" yn Hoorn. Marinus, Eppie, Minke en Diny wiene oanwêzich mei in diske. Hja hawwe 2 nije leden ynskriuwe kinnen. De direkteur fan it WestFries Museum hat tasein dat er wolris op in lytse jûn in lêzing hâlde wol. Ek binne op dizze dei noch in pear frijkaarten tasein foar it "WestFries Museum", it "Museum voor de 20'e eeuw" en de "Stoomtram". Dizze kaarten sille op 'e feestjûn ferlotte wurde. Fjirders binne der gjin ynkommen stikken.

It bewâld fan it bestjoer.

Jannie hat de 'lief en leed' pot en soarget foar de prizetafel bei de grutte jûnen.

Renske bliuwt it kommende jier de PR dwaan. Neffens Renske wurde de measte stikjes fan har wol yn'e kranten setten. Jetske soarget foar de boekjes. It doel is om dit ek it kommende jier sa te hâlden. Popke bliuwt it kommende jier wer ponghâlder. Eppie bliuwt it kommende jier de

foarsitter fan 'e krite en Jan de skriuwer fan 'e krite.

Wat hat it ôfroune jier de krite brocht? We rinne oan 'e hân fan it boekje it jier troch.

It finansjeel oersjoch 2010/2011 stiet yn it boekje. Der binne gjin opmerkings oer it ferslach. Der wurdt noch efkes praten oer de rekkens en werom der koazen is foar de Rabobank. Mei de oankommende feestdei is it noflik dat de ponghâlder krekt wit wa betelle hat en wa noch net. Mei ynternet- bankieren kinne jo eltse dei neigean wat er op 'e rekken stiet en dit wurket bei de Rabo noflik. Eartiids krige Popke ienris yn 'e moanne in ôfskrift fan de bank. De rekkenopnimmers hawwe de ponghâlder net op in flater betraapje kinnen. Elly is as rekkenopnimmer oan bar om ôf te gean. Diny nimt it stokje fan har oer.

Sa as yn it boekje stiet wol Jannie har wer foar in jier ynhiere litte en Renske foar fjouwer jier. By it bestjoer binne gjin nammen fan tsjinkandidaten binne kommen. Renske en Jannie wurde ûnder hantsjeklappen op 'e nij ynhierd.

We rinne it kommende winterskoft efkes troch. Sa as de foarsitter oan it begjin fan de gearkomste al sein hat begjinne we it winterskoft mei it fieren fan it 100-jierrich bestean fan 'e krite op 12 novimber 2011. Der sille útnoegings útgean nei de leden en âldsbestjoersleden. Foar 5 novimber moat de opjefte binnen wêze.

Op de lytse jûn komt mooglik de direkteur fan it WestFriesMuseum te sprekken. Op 25 novimber spilet Hantum in moai stik. Wa wol nei Hantum om it stik te sjen? We hawwe 4 frijkaarten. De ploech kin yn jannewaris, op 'e twadde grutte jûn, bij ús spylje as it stik yn 'e smaak falt.

By it omfreesjen wurdt der noch ynformearre oft men ek dieetwinsken opjaan kin foar it breamiel op 12 novimber. Ja, skriuw it mar op it opjefteformulier. Oft alle winsken útfierd wurde kinne, kinne we hjir jûn net sizze.

Oft er minsken fan it bestjoer nei de FBU-jier gearkomste gean, kin mei "ja" beäntwurde wurde.

Ek geane der bestjoersleden nei de jierlikse gearkomste fan diel I. Der wurd noch efkes troch praten oer de gearstalling fan it bestjoer. Neffens inkelden binne der te min bestjoersleden.

Spitigernôch komme der minder nije leden en as der dan in nij lid by komt kin men net fuortendaliks freechje oft die ek yn it bestjoer wol. Mar ek de minsken dy't jûn nei dizze gearkomste kommen binne, hawwe harren net melden as tsjinkandidaat foar Jannie of Renske. We meie bliid wêze dat we noch 6 bestjoersleden hawwe. Inkelde krite binne opdûkt om't hja gjin bestjoersleden meer krije koene!!! Eppie lit ek troch skimerje dat er wol ophâlde wol mar dat hy bliuwt om dat it him sear docht as ek dizze krite ophâld te bestean om't er gjin bestjoer mear is. Ek foar Jannie begjinne de jierren te tellen en derom lit hja har ek net foar

fjouwer jier ynhiere, mar wol hja it elts jier op ' en  
nij besjen.

It is slim om jonge minsken te krijen en al hielendal  
foar in bestjoer. Dit spilet net allinnich by ús krite  
mar ek by oare ferienings.

Ek wurd noch sprutsen oer de sponsere Rabo  
fytstochten. Spitich dat dit op ien dei is. Wiene der  
twa of mear sneonen dan koe Tine bygelyks de iene  
sneon foar de krite fytse en in oare sneon foar de  
âlderenboun.

It is kertier oer njoggenen as de foarsitter de  
gearkomste slút.

Nei it bakje kofje mei koeke spylje we noch in pear  
kear Fryske Bingo. Ferskate minsken geane mei in  
moai priiske nei hûs.



---

## ***Boek 'Friezen yn 'e Frjemdte'***

---

### **It skiednisboek oer Fryske kriteren foar yntekeners en oare bestellers**

De earste eksimplaren fan it boek "Friezen yn 'e Frjemdte" binne oanbean op freed 30 septimber 2011 yn Tresoar. Dan is it boek klear, mar oan it register wurdt noch wurke. Doe koenen de minsken allinne it boek bestelle, mar noch net meinimme. Dêrom hat it Boun, yn oparbeidzjen mei útjouwerij Elikser besletten, in twadde presintaasje te hâlden, dêr't elkenien – al of net lid – foar útnoege wurdt. Dat sil barre op sneon 19 novimber 2011, Driestwegtsjerke, Driestweg 4, 8071 BT Nunspeet. Op 19 novimber kinne de yntekeners it boek of de boeken dy't hja besteld ha ophelje of ekstra boeken oantuge.

Tsja, en dan de priis fan it boek. Om't it boek sawat twa kear sa tsjok wurden is as dat it Boun by it begjin ferwachte, binne de kosten gâns heger útfallen. Dat hat fansels gefolgen foar de ferkeappriis. Dy komt no op € 75,- it boek ynklusyf de DVD (de priis fan de DVD, los fan it boek is € 20,-)

Wolle jo oan Sjoerd Bakker opjaan oft jo komme en en mei hoefolle persoanen? Dat kin tilllefoanysk: 0529 – 401683 of per mail: [sdabakker@kpnmail.nl](mailto:sdabakker@kpnmail.nl)

Mear ynformaasje is beskikber by de hear Vogel.

---

## *Wurklist fan suster krite*

---

- Ús memmetaal, Krite Beverwyk

Yn de Vrijburcht, Vrijburglaan 2 Heemskerk.

21 oktober 2011: Sjongkoar 'Se-Krite' Lelystad

25 novimber 2011: Toaniel Kliuwend Omheech út  
Nij Beets

24 febrewaris 2012: Trekzakkengroep 'Oostergoo' út  
Grou.

- Gysbert Japicx, Krite Haarlim

Yn Kafee Zaal 'de Wildeman' Hoofdstraat 142,  
2071 EL Santpoort Noord.

11 novimber 2011: Trekzakkengroep 'Oostergoo' út  
Grou

- Gysbert Japicks Krite Den Helder

Fan de Krite Den Helder hawwe wy gjin wurklist.

Sjoch foar wurklisten fan oare krite op de website  
fan de Frysk Boun om Utens:

[www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)


---

## *Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)*

---

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.  
En bûnzje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.  
It Fryske lân fol eare en rom.  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,  
Wêz jimmer op dy âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,  
In grien, in krêftich bloeijend leat!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



---

## ***Bestjoer fan de Fryske Krite Hoarn***

---

Foarsitter: Eppie Kloezen  
Timpaan 11, 1628 MT Hoorn  
Till.: 0229 244042  
e-mail: [ed.kloezen@quicknet.nl](mailto:ed.kloezen@quicknet.nl)

Ponghâlder en  
ledenadministraasje: Popke Slange  
V. Dedemstraat 4, 1624 NN Hoorn  
Till.: 0229 234881

Skriuwer: Jan Vogel  
Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker  
Till.: 0229 234012  
e-mail: [yellowbirds@planet.nl](mailto:yellowbirds@planet.nl)

Oare bestjoersleden:  
Jetske Leenstra-de Groot  
Dorpsstraat 293, 1689 GE Zwaag  
Till.: 0229 263735  
e-mail: [m.g.leenstra@quicknet.nl](mailto:m.g.leenstra@quicknet.nl)

Renske Nauta-Haagsma  
Dr. CJK van Aalstweg 19, 1625 NV Hoorn  
Till.: 0229 237267  
e-mail: [nautahaagsma@hetnet.nl](mailto:nautahaagsma@hetnet.nl)

Jannie Nooitgedagt-Dijkstra  
De Trekvaart 16, 1689 LP Zwaag  
Till.: 0229 277074

---

Eareleden: Frou Janny Bloem-Wouda  
De hear Popke Slange

---

It rekken-nûmer fan de Krite Hoarn is:  
Rabobankrekken 16 22 70 577 o.n.v. Fryske Krite Hoarn